

Janneke Spoelstra

It slypjen oan de wîchheid fan in diagroane doarpsgenoat

Heel benijd wie ik nei *It himelsk oerwurk* fan Durk van der Ploeg. Einlings soe ik in breder byld fan de bruorren Roelofs krije as dat iene: dat se altyd sûnder te praten de foareker delrûnen nei hûs om elkoarren net te steuren yn har tîzen. Soe ik mear te witten komme oer de stjerrekiker Arjen Roelofs, de man dêr't de skoalle fan Hijum en in dyk yn Aldeleie nei neamd is.

Mei dit boek meitsje wij, dy't libje yn 'e tiid dat Google Earth syn berik útwreide hat mei it hielal en Jan en alleman op 'e PC thús en oars wol bij it Planetron yn Dwingeloo of de Folksstjerrewacht Burgum djip yn 'e stjerrehimmel sjen kin, in stap fan sa'n twahûndert jier tebek yn 'e tiid.

Der wiene teleskopen, se waarden yn 'e *Leeuwarder Saturday Courant* wolris te keap oanbean, mar foar Arjen Roelofs, de haadpersoan yn dizze biografyske roman, wie dat syn eare tenei. Hij woe sels in teleskoop meitsje.

No hie Arjen in pake dy't linzen slipe en bruorren dy't wakker rekkenje koene en nei de stjerren seagen, dat it wie net sa frijend dat er sels ek mei it slypjen fan linzen begûn. Mar wat in ôfgryslík soad geduld moest dêrbij! 'Sa begûn nei trije seizoenen it begearde oplânzjen fan de glêzen.' (s. 98) Ek bij it lêzen fan dit boek moat oars in aardige poarsje geduld, it is mar leafst goed fiifhûndert siden tsjok.

Yndieling

It boek hat in aparte yndieling: Topografysk Panorama, Earste, Twadde en Tredde boek, It neispul en de Ferantwurding. Dat Earste, Twadde en Tredde boek binne mei har trijen wer ûnderferdielt yn Ien, Twa, Trije, Fjouwer en Fiif en dan dy noch wer yn haadstikken. It liket my wat dûbelop. De opmakker of skriuwer hat der ek muoite mei hân, tink ik, sa stiet yn 'e Ynhâld ûnder It topografysk panorama in II, wylst der net in I te bekenen is, likemin as dat de II weromkomt yn it boek.

Topografysk Panorama

It Topografysk Panorama dat Durk van der Ploeg foaroan yn it boek

sketst, is út Arjen Roelofs syn tiid wei beskreaun. Guon paden binne no ferdwûn, fan Hommema-sate (dêr't op de Wikipedy noch in foto fan te finen is fan 1941) is neat mear oer, mar it panorama doocht. Opgroeid yn Hijum en no wenjend yn Aldeleie kin ik alle stappen fan myn diagroane doarpsgenoat, alle bochten yn 'e feart neikomme.

De pylgers, dy't it boek neffens buertbewenners nei Aldeleie bringt, kinne mei Van der Ploeg syn boek yn 'e hân en it lânskip oan har fuotten en in bytsje fantasij har in goed byld foarmje fan de lokaasje dêr't Arjen Roelofs syn libben libbe.

Ferhaal

Arjen en syn bruorren Piter en Albert ha nocht oan stjerrekunde, wiskunde, it meitsjen fan optyske ynstruminten (brillen, mikroskopen en teleskopen) en klokken, mar se binne – troch harren heit – feroardiele ta lânwurk. Broer Klaas is de iennige dy't heit wjerstean doart. Hij leart yn Frjentsjer ta stjoerman en letter sjirugyn.

Arjen syn nocht oan, passy foar, wittenskip en stjerrekunde binne moai en trochgeand beskreaun. Fan it begjin ôf dat er stikem mei pake syn skokiker op 'e dongbult nei de stjerren sjocht (s. 18), it krewearjen om syn eigen linzen te meitsjen: 'as er dêr oeren en oeren siet te slyppen foel alles om him hinne wei' (s. 97), it oparbeidzjen mei syn bruorren: 'linzen slypje, is in bytsje slypje oan de ivichheid, hie Piter sein ... Unthâld dat goed, want it binne pake syn wurden' en 'lins-slypje is itselde as slypje oan dyn geduld' (s. 85), en 'de plannen foar in observatoarium mei treppen en in besketten plak om te sitten' (s. 193), oant it alderlêst, 'dat grutte doel' (s. 458).

Tiid om har mei de stjerren en wittenskip dwaande te hâlden wurdt harren troch heit oars amper gund en faker as ien kear ferniëlt er fan likens harren wurk op dat mêd. Arjen syn gelok bij in ûngelok is dat er op in stuit in krupsje kriget en ûngeskikt wurdt foar it boere-wurk: 'Wat er tsjin net ien sizze doarst, mar wol tocht: dat it eins in segen wie.' (s. 209) Hij kin him dan hielendal wijje oan 'e wittenskip. Oan 'e ein fan it Earste Boek, as Arjen sa'n 37 jier is, stjert heit en wurdt bij suster Lysbet it jonkje Roelof Hessels berne, dat in soad bij Arjen en syn suster Atsje omslaan sil en troch harren as in eigen soan beskôge wurdt. Letter is er ien fan Arjen syn fernaamste meiwurkers.

Yn it Twadde boek (fan Arjen syn 55ste ôf) is broer Albert krekt wei, acht jier nei broer Piter. Arjen en Atsje bliuwe tegearre oer op 'e pleats. Arjen makket mei Sieds Rienks, de ynstrumintemakker fan Hállum, in reis nei Amsterdam, dêr't Rienks trije fan syn ynstrumin-

ten nei in útstalling stjoerd hie. Arjen krijt in opdracht foar it bouwen fan in teleskoop mei Sieds Rienks en Roelof Hessels.

Se arbeidzje stûf mei-inoar op yn Berltsum. Arjen twivelet aloan en Sieds wol gjin sichtproeven nimme en drinkt in soad.

Yn it Tredde boek (fan Arjen syn 71ste oant syn dea (yn 'e âldens fan 74 jier)) striidt Arjen foar bettere diken (nei't yn 1825 it wetter oan 'e krún fan 'e Alde Bilt dyk ta stien hie). Hij pleitet foar it flauwer meitsjen fan 'e taluds.

En fierder libbet syn ultieme dream ek noch hieltyd: 'it bouwen fan in optysk each sterker as wat ea yn Europa makke is'. (s. 457) Dy dream komt lykwols neat fan op 'e hispel, om't Roelof Hessels, dy't dat each foar him bouwe moatte soe, in pleats erft en dêr mei besteld is.

It omslach

Om in foto fan 'e skriuwer boppe oan 'e binnenkant fan in los omslach ôf te printsjen, soe ik elke útjouwer ôfriede wolle. Bij it lêzen skoot it omslach al gau wat omheech en gniist de skriuwer, yn dit gefal Van der Ploeg, hoe freonlik oars ek, jin oan boppe de side út. Men lêst: Arjen tinkt dit of dat, mar de foto bringt jin hieltyd wer yn 't sin, no ja, it is fansels wat Van der Ploeg betocht hat. It fersteurt koartsein de yllúzje.

Sieds Rienks

In op syn minst like yntrigearjende persoan as de troch Van der Ploeg foaral yn de twadde helte wat stunderich delsetten Arjen Roelofs is syn maat Sieds Rienks, soan fan boer/dichter Jehannes Rienks fan 'e Hâllumer Jousumbuorren.

Sieds komt foar it earst del op Hommema-sate, bij Arjen en syn bruorren, as Arjen yn 'e tritich is en krekt in krisis – heit hat syn lizen en slypark fernield – te boppen is. Sieds is dan 13 jier. 'Trettjin. Ankom hjerst wurd ik fjirtjin'. (s. 156) In Hâllumer seit neffens mij net 'Ankom' mar 'Takom', mar hawar.

Oars as Arjen en syn bruorren, krijt Sierd fan syn heit wol alle frijheid om te dwaan wêr't er it measte nocht oan hat. Hij hat nocht oan ynstrumintemeitsjen. Hij docht bliken in rasopportunist te wêzen en hat wat Arjen net hat, nammentlik 'flair'. Hij giet de wrâld yn en jout ynstruminten wei yn 'e hope sa opdrachten te krijen foar it meitsjen fan noch gruttere ynstruminten. It slagget him ek noch. Oant op it heechste wittenskiplike en keninklike nivo. Dêrneist krijt Sieds yn 'e

rin fan 'e tiid ek nochris in frou en in keppel bern.

Dat er yn 'e Berltsumer tiid net fan 'e drank ôfbliuwe kin of wol, is in bytsje in skaad oer de persoan en hat faaks ek wol mei mandêlich west oan it úteinlik frijwol ûnbrûkber wêzen fan 'e teleskopen dy't te Leien en Utert pleatst waarden. Mar wat in stoffe foar it skriuwen fan in histoaryske roman oer dy persoan! Wa nimt dat op him of har? Van der Ploeg nochris?

Roelof Hessels

Dat omkesizzer Roelof Hessels troch Arjen en Atsje as in soan beskôge wurdt, wurdt faker as ien kear yn it boek neamd. Dat 'yn it echt' Roelof Hessels syn omke Arjen ek as in heit beskôge hat, docht bliken meidat er letter in jonkje nei omke ferneamt. Dat lêste komt alheel net yn it boek te praat, ik ha it tafallich op it ynternet ûntdutsen (<http://www.uwstamboomonline.nl>):

Personalìa

Naam: Arjen Roelofs Hommema

Geboren: 00-00-1818 te Berlikum (Menaldumadeel)

Ouders: Roelof Hessels Hommema en Trijntje Willems Wassenaar

No ja, dat sa fansiden.

Skiednis

It is in oannimlik byld dat Van der Ploeg sketst fan 'e ein 18de, begjin 19de ieu. Hast ûngemurken lûkt der heel wat algemiene skiednis foarbij: de feepest (s. 115), de konjunksje fan fjouwer planeten en de moanne yn 1774 (s. 116), it patriotske Frijkorps dêr't broer Albert lid fan wurdt en de slach bij Stiens tsjin de Prusyske prins van Waldeck dy't 'de oerheden en it hûs fan Oranje tsjin reboelje fan eigen folk' (s. 214) beskermje moat, it oannimmen fan in achternamme (Arjen en Atsje nimme de namme Roelofs oan, broer Klaas neamt him tenei Godijk (s. 301), de ramplesanten foar Napoleon syn leger (Arjen en Atsje hâlde Roelof Hessels út dat leger troch foar 'tûzen daalders ramplesantjild' (s. 308) in ramplesant fan Aldeleie, de soan fan in earne widdo, nei Ruslân te stjoeren, dy't dêr syn fingers, teannen en earen ferspilet), de mûzepleach yn 1822, doe't 'de oerheid in kwartsje premy joech oan wa't hûndert deade mûzen ynlevere' (s. 425), de wettersneed fan 1825 (s. 445).

It earmoedefraachstik – Aldeleie stie, as fuottenein fan trije ge-

meenten, bekend as Trientsjebuorren (s. 111) – wurdt yn it boek yn in pear sinnen gearfette. Wêrom joegen heit en mem en letter Arjen en Atsje oan 'e stienearme Leisters? Ut goederjouskens? Of omdat se bang wiene foar 'in lont yn it tek' (s. 83)? 'Dit is jaan ... Of tidigje wy takom maitiid wer op dit folk? Jouwe wy om wat werom te krijen?' (s. 282)

Idioomboek

Der binne minsken dy't sizze dat se in Frysk boek ek lêze om it Frysk. Dyselden kinne yn dit boek har hert mar ophelje. Ik ha ek in pear nije âlde wurden leard lykas: de 'pijkeamer' (s. 209). Neffens it Wurdboek fan de Fryske Taal (WFT): 'Kamer die door een pui of wand van het voorhuis ... afgescheiden is'. Noait fan heard. En op s. 142: in 'plimke' see. Dat stiet net iens yn it WFT! In lytse sneuptocht yn 'e taaldatabank brocht noch ien oar 'plimke' foar it ljocht, ntl. in 'plimke' wetter, yn in fragmint fan, hoe kin it ek oars, Durk van der Ploeg, út *De Jacht* [1988]. It liket soks te betsjutten as in 'plaske' wetter. En fierder: 'gowe' (oei, ik ha fergetten it sidenû. te notearjen en kin it net weromfine, miskien kinne wy dêr in lêzersfraach fan meitsje), dat it WFT ken as 'gouwe' of 'gouje' mei de oersetting 'aangapen'.

Boarnen

Oft de deiboeken en de brieven fan Arjen Roelofs (as dy der al echt west hawwe) bewarre bleaun binne of net en wêr't syn wittenskiplik wurk keard is, fan Van der Ploeg wurde wy dat net gewaar yn syn Ferantwurding, dêr't fierder wol in respektabel tal boarnen yn neamd wurdt.

De Wikipedy wit te melden dat in maat út Arjen syn lettere jierren, Worp fan Peyma (skriuwer fan *Levensberigten*, 1829) noch wol beskikt hawwe soe oer de folsleine neilitten wurken fan Arjen Roelofs, mar dat de boel dêrnei fersille is. Der soe wat bij de famylje wêze, der soe wat bij Tresoar wêze, der soe wat bij oare ynstituten wêze.

Hiene der net wat hânskriften, berekningen of tekeningen yn it boek opnommen wurde kinnen? Dat hie noch oan 'e autentisiteit fan it boek bijdrage kinnen. Of is dat bewust net dien omdat it in histoaryske roman is?

We moatte it dwaan mei de bernich oandwaande tekening fan, ja, wêrfan? Ik tocht, miskien pake syn skokiker, mar yn it kolofon stiet dat it giet om: de Portaskets, de earst bekende skets fan in teleskoop, makke troch Giovanpattista della Porta yn 1609. Wol heel aardich binne de fragminten út bygelyks Friesche sterrekonst fan H. Terpstra

oan it begjin fan elk fan 'e fiif 'haadhaadstikken'.

Tragikomysk

It Neispul [In tragikomeedzje] sa't Van der Ploeg dat sketst yn 'Oer it lot fan 'e teleskopen' (s. 499) is yndie tragikomysk. Dat de grutte teleskopen dy't Arjen, Sieds en Roelof Hessels yn Berltsum makken úteinlik amper brûkber wiene, hat de eare en gloarje fan 'e mannen sa't it skynt net bot oantaasten. En dat is goed, se ha safolle út 'e wei setten dêr't men mei fernuvering kennis fan nimt yn dit boek.

Skerpte

It libben fan Arjen Roelofs en plak en tiid dêrfan binne mei in fracht oan detail en moai idioom troch Durk van der Ploeg beskreaun. Earst meitsje benammen al dy details noch wol wat ûngeduldich, mar ast dy der oan oerjoust, twingt it eins foaral respekt ôf. De fraach bliuwt wol oft alles likefolle tafoeget oan de skerpte fan it byld fan Arjen Roelofs dat de lêzer krijt. Sa net, ik bin mei dit boek heel wat mear te witten kommen oer dizze autodidakt. En tsjin elk dy't ynteressearre is yn Arjen Roelofs, yn it Fryslân fan 'e ein achttjinde/begjin njoggentjinde ieu, yn in nije Van der Ploeg, ja, tsjin elk dy't jûns wolris nei de stjerren sjocht, soe ik sizze wolle: **LÊZE DAT BOEK!**

Durk van der Ploeg
It himelsk oerwurk
Friese Pers Boekerij
Ljouwert, 2007